

# Dorpscanon van Folsgeare

It toer oerwurk fan Folsgeare

---



© Foto Atse Bruin

## It toer oerwurk fan Folsgeare

Hoewol't de toer fan'e Laurentiustsjerke en de klok al âlder binne, komt der earst yn 1755 in oerwurk mei wizerplaat. Under lieding fan ds. P. Wigiri, tsjerkfâd Oege Jens Breeuwsma en de tsjerkeriedsleden wurdt der yn dat jier besletten om in toer oerwurk oan te keapjen foar "de toorn tot Folsgara". Twa mastersmeden út Snits, Hans Martens Joustra en Andries Lammers krije opdracht om in oerwurk te meitsjen.


Ynklusyf wurklean, materialen, heakken foar de wizerplaten, 'gewigten', 'touweschijven' ensfh. kostet dit de tsjerkemienskip 390 carolusgûnen.

# Dorpscanon van Folsgeare

It toer oerwurk fan Folsgeare

---

Detail fan in tekening fan 'e tsjerke yn 1535  
fan Jacobus Stellingwerf (1723)  
De toer hat noch gjin wizerplaten.



Mooglik wie goedkeap, djoerkeap want... al mei gauwens folget de iene reparaasje op 'e oare.

De earste ûnkosten oan it oerwurk komme al yn 1759. De wizers fan 'e klok wurde yn dat jier fergulde troch Folkert Reitsma. Yn 1763 wurdt it oerwurk reparearre troch master oerwurkmakker Tjalling Rodenhuis út Drylts en yn 1766 komme master oerwurkmakker Gerrit Johannes en mastersmid Melis Wallis Opedijk del, beide út Drylts.

Yn 1775 wurdt troch Pytter Zeijlstra in wizerplaat ferve. Yn 1779 reparearret Gerrit Johannes nochris it oerwurk. Jan Lierks komt yn 1780 om it oerwurk te reparearjen.

Yn 1784 wurdt it oerwurk troch Freerk Ynses nei Wybe Gabes yn Wommels brocht foar grut ûnderhâld. Johannes Camphuis út Snits wurdt yn 1791 útnoege om ris te kommen en nei it oerwurk te sjen.

It docht bliken dat de wizerplaten net fan geweldige kwaliteit binne, want yn 1793 komt B. Izerda del foar it ferguldzjen fan 'e wizerbuorden.

# Dorpscanon van Folsgeare

It toer oerwurk fan Folsgeare

---

Yn 1797, 1799 en 1804 wurdt der foar it meitsjen wer keazen foar Wybe Gabes. It bliuwt skipperjen mei it oanjaan fan'e tiid want yn 1804 giet it oerwurk noch ris wer nei mastersmid Sjoerd Thomas út Drylts.

Yn 1826 ha se genôch fan al dat gegriem en wurdt der in echte oerwurkmakker yn'e earm nommen, ntl. de firma. A. Napjes út Snits. Dizze docht syn wurk goed wêrtroch't de reparaasjes in hiel skoft net mear yn'e útgavenpost foarkomme.

It oerwurk wurdt der yn'e rin fan'e jierren net better op.

Yn 1915 wurdt útsteld, om fan it jild dat krigen wurdt troch de ferkeap fan in part fan it Tsjerkepôltsje, in nij oerwurk oan te tugen. Dit wurdt mei algemiene stimmen oannommen. Lykwols, wannear't it jild beskikber is, wurdt it brûkt foar skuldsanearring.

It oerwurk rekket mear en mear fan slach. Yn 1932 komt it útstel út'e gearkomste om'e âlde toerklok by it winter mar stil te setten om't dizze komselden de krekte tiid oanjout. Ek komt der in fersyk om wizers oan it oerwurk meitsje te litten, dy't net allinne de oeren mar ek de minuten oanjouwe. De kosten hjirfoar binne lykwols fier boppe it beskikbere budget.

It giet hieltyd minder mei it oerwurk. Yn 1937 komt de fraach oft de wizer fan it oerwurk ek draaie kin, sadat dizze de tiid oanjaan kin. De koster freget oft de touwen fan'e gewichten langer makke wurde kinne, sadat hy noch mar ien kear deis nei de toer ta hoecht te rinnen. Beide ústellen wurde fersmiten en alles bliuwt sa'it wie.

Yn Folsgeare stiet fan 1937 ôf de tiid stil.

Yn 1944 komt op'e nij it útstel foar oeren- en minutenwizers. Lykwols, dit is ek no boppe it budget.

Yn maart 1947 wurdt yn'e tsjerkeriedsgearkomste it útstel oannommen om in nij oerwurk oan te skaffen. Der wurdt kontakt opnommen mei de firma Eijsbouts út Asten, dy't in offerte stjoerd nei H. Bosma yn Folsgara.

# Dorpscanon van Folsgeare

It toer oerwurk fan Folsgeare

---

Yn novimber 1947 wurdt it nije oerwurk ynstallearre. It kin noch net draaie, want der moat noch elektrisiteit yn'e tsjerke oanlein wurde. Nei't dit bard is, binne de ynwenners fan Folsgeare wer by de tiid.

Net alle ynwenners witte no hoe let it is. Der binne allinne wizerplaten oanbrocht op'e east- en súdkant. De bewenners fan'e Tsjerdyk moatte mar riede hoe let it is. Yn'e gearkomste fan novimber 1948 komt it ústel om in tredde wizerplaat oan 'e westkant te pleatsen. Dit wurdt oannommen en omdat der (hast) gjin minsken oan'e noardkant wenje, bliuwt dy kant leech.

Ek op dit nije oerwurk rêst gjin seine want yn 1955 falt it beslút om it oerwurk by stoarmwaar mar stil te setten om fierdere skea foar te kommen.



foto  
Atse Bruin

Yn 1962 is it oerwurk alwer oan ferfanging ta. De offerte fan'e firma Eijsbouts is no rjochte oan dhr. H. Damstra, Foerages 35 yn Folsgeare. Der wurdt in nij oerwurk pleatst mei fiif jier garânsje. It âlde bringt noch fl. 50,- oan skroatwearde op.

De tsjerketoer is yn eigendom oergongen nei de gemeente Wymbritseradiel. De gemeente hat it ûnderhâld fan'e toer en fan it oerwurk. Troch de gemeentlike fúzje is no Súdwest-Fryslân eigner. De garânsje op it oerwurk is al jierren ferrûn en de klok stiet regelmjittich stil.

# Dorpscanon van Folsgeare

It toer oerwurk fan Folsgeare

---

Yn 2019 wurdt it besteande elektroanyske oerwurk ferfongen troch in mear moderne elektroanyske klok dy't automatysk oanstjoerd wurdt út Frankfurt wei. De klok rint dêrtroch altyd op tiid.

Yn Folsgeare hoege de minsken net mear te let te kommen.

## **Colofon**

*Tekst: Atse Bruin*

*Bewurking en oersetting: Wytske Heida*

*Foto's: Atse Bruin, Jacobus Stellingwerf( tekening)*

*Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.*